




A. M. WYBENGA

LJOCHT OER 'T FJILD

LJOCHT OER 'T FJILD

SIER EN SIED

In rige folksaerdige skriften fan Fryske kunst en stúdzje ûnder
redaksje fan Prof. Dr J. H. Brouwer en Dr Y. Poortinga

I

BYLANS DE WEI, sketsen
út it swalkerslibben fan R.
Brolsma.

II

BY US ALDE TSJERKEN
LANS fan Ds J. J. Kalma.

III/IV

H. C. ANDERSEN's FOLKS-
FORHALEN EN MEARKES,
út it Deensk oerset fan
D. A. Tamminga

V/VI

IT LIJEN YN DE LEIJEN
fan J. T. de Jager.

VII/VIII

GAESTERLAN, fan fûgeljen,
fiskjen en ikeboskjen, fan
H. Twerda.

IX

LJOCHT OER 't FJILD,
fersen fan lân en bidriuw, fan
A. M. Wybenga.

VAN GORCUM & COMP. N.V. - UTJOWERS TO ASSEN
Oprjochte to Snits yn 1800

LJOCHT OER 'T FJILD

Fersen fan lân en bidriuw

fan

A. M. Wybenga

Rige

Sier en Sied fan Fryske kunst en stúdzje
nû. IX



UTJOWN TO ASSEN BY
VAN GORCUM & COMP. N.V. (G. A. HAK & Drs H. J. PRAKKE)
MCML

Ynhald

	bls.
It is noch hwat fan âlds	14
Lân	16
Studearkeamer	17
Takomst	19
It lân om	21
Jrappels yn 'e broei	23
Kealderij	25
Tún	27
Maitydsgrien	29
Buolguodsdei	31
Wy bringe de keallen der út	33
De brotske hin	35
Winst - gemis	36
Donglade	38
Bûthúshimmelje	39
De flagge	41
't Hat Maeije west	43
Skieppeknippe	45
Melke	47
De fleur fan 't wurk	49
Boshimmelje	51
De hage	52
Yn 't hea	53
By 't simmer	55
Kijforweidzjen	57
Sleatheakkeljen	59

Risping	60
De stûken	62
Noatynheljen	63
Weideleegje	65
Noatskûnen	67
Skaed oer 't hiem	68
Lichte	70
Der leit hwat oer	72
Jagersman	74
Fjild by 't hjerst	76
Tafriel	78
Lofbaerne	80
Kij by 't hjerst yn 't lân.	82
Utdolle	83
Bultbislâen	84
Kij op stâl	86
Moarns yn 't bûthús	88
Mylpeal	89
Alderheljen	91
Need en need	93
Hwat beammeguod.	95
Dochters	97
Winteregalens	98
Skimerjounje	100
Teken	102



ANDERS MINNES
WYBENGA

Neitinken oan Wybenga

25 Oktober 1881—9 Septimber 1948.

Yn 'e lette joun fan de 9de Septimber is to Easter-Nijtsjerk forstoarn ANDERS MINNES WYBENGA, hiel Fryslân oer bikend en jierren lang foarman yn it Kristlik Fryske formidden.

De Nijwiersters en de Wetsumers hawwe him kennen as in flitich, ienfâldich geaman, koumelker en gernier en as trou tsjerkegonger. Mar hiel Fryslân ken him as strider foar it folk, as bijeftige dichter en sjonger. As earlik en folhâldend strider foar syn eigen folk. Hy wie in echte natuerman, dy't de gave fan opmerken hie, en yn treflike wurden bisong, hwat hy yn it Skeppingsboek lies. Ek in ienfâldich, leauwend Kristen, dy't stipe en krêft foun yn it Wurd fan God en syn Kristlik leauwe en syn iwige forwachting útsong yn mannich liet. Men kin it sa sizze, hy libbe tichte by God. En Jezus wie syn Heilân en Forlosser.

Fersen meitsje hat fan skoalle ôf oan Wybenga syn sin west. Hy hat der wol fan forhelle hoefolle muoite it him koste hat, om de technyk to learen: „Einlings gyngen myn eagen iepen; it kaem troch mei omtinken psalm 89 to lêzen. Ik murk, dat men yn it midden fan 'e rigel efkes hippe koe.” Syn eagen gyngen iepen foar rythme en klam. Mar sa seit er op in oar plak: „Fan 't Frysk fornaem ik yn

myn jeugd net folle goeds. Hiet en Mem moasten der neat fan hawwe. It joech gjin pas foar Christlike minsken."

Dochs is Wybenga oan it Frysk lêzen en Frysk dichtsjen rekke. Syn earste stikjes hat er op 'e Nijwierster Feinteforiening foardroegen. Dêrmei wie it pleit foar Frysk op dy foriening ek bisljochte.

Yn 1908 wie hy ien mei fan de oprjochters fan it Christlik Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse, yn it sealtsje fan de Klanderij to Ljouwert. Under de skûlnamme fan „Fetse Greidema” en fan „In Fryske Jonge” hie hy al hwat namme makke. Yn it Tiidskrift: „Yn ús eigen tael”, publisearre hy foartoan syn psalmbirimings en kristlike lieten. Hy wist it safier to bringen, dat yn 1923 it Fryske psalmboek útjown waard by Osinga yn Bolsert. Dat wie in hichtepunt yn syn libben.

De dichter seit er dit fan: „Yn de earste jiergong fan Yn ús eigen tael kamen ek in pear Fryske psalmbirimingen foar. G. Postma fan Moarmwâld die hjir de foarstap ta. It lei foar de hân, dat ik dêr oan mei die.

As wy ek yn ús eigen tael Gods greate wurken forkundigje soene, hoe koene wy soks dan better dwaen, as mei de wurden fan Israëls greate sjongers. By it Psalmboek wie ik opwoeksen. Moarns by de earste brogge liezen wy yn 'e hûs trou út dit Bibelboek. Sadwaende moast de ynhâld my wol tige eigen wurde. Sa kaem ik yn de rige fan de

Birimers.” In fiks tal fan Christlike lieten hat er ôf sels makke ôf oerset út 'e bundels fan Johannes de Heer en oare. Party dêrfan binne opnommen yn it sjongboekje „Hwa sjongt mei” en dy binne jierren lang songen yn skoallen, forienings, kriteren of thús by 't oargel. Ek oare útjeften hat er forsoarge, dêr't ik fan neam: Loddespitten 1911; Foar de Fûst wei 1914; Ropta; It Soenhûs.

Doe't yn Nowimber 1915 de Jong Fryske Mienskip stifte waard, wie Wybenga earst in nijsgjirrich waernimmer en it jiers dêrop sluet er him der by oan mei syn freonen M. S. E. Visser en E. B. Folkertsma. Lang lykwols hat hy him yn dat formidden net thús field; om't hy út in oar prinsyp libbe, as dat yn de Mienskip huldige waard. Jierren lang hat er in warber lid west fan de selskipscommisje: „Us Tael Omheech” mei Visser en Bonga. Yn dy namme „Us Tael Omheech” lei Wybenga syn hiele Frysksinige oertsjûging. De tael gie him oan it hert, doe wie er al en syn hiele libben is er bleaun Taelstrider. Fan wider omfieming fan de Fryske striid woe hy net folle witte, ek yn letter jierren net.

Ik kin net in folslein oersjoch fan syn libbenswurk op it mêd fan 'e Fryske striid jaen. Lit ik noch sizze meije: Hy wie yn 1922—1924 samler fan it tiidskrift: „Yn ús eigen tael,” dat doedestiids swier wurk wie. Hy hat der sa'n noed foar stien en soargen mei hawn. Hy skreau yn 'e lêste jierren

yn 'e „Stim fan Fryslân”, meast koarte forhalen. Allyksa yn it „Fries Dagblad”. Ek wie hy meiwurker oan de „Nieuwe Dokkumer Courant”, en publisearre ferskes, forhaeltsjes en lânboustikjes.

Hy wie ek foarsitter fan de Kristlik Fryske Folksbibliotheek; dêr hat er him tige foar ward. Syn lêste wurk hat west, it neisjen fan twa hânskriften, dy't ynstjûrd wiene foar de jiergong 1949.

Mei Wybenga is hinnegien in warber taelstrider, in bijeftige sjonger, in ienfâldich mar leafhawwend soan fan Fryslân. Mar neffens eigen tsjûgenis is hy nou boarger yn it Hemelske Ryk. Hy wist antwurd op 'e frage: „Hwer leit des Christens Faderlân”.

De 14de Sept. 1948 hawwe famylje, freonen en doarpslju Anders Wybenga to Wetsens to hof brocht. Om twa ûre roun it oerâlde tsjerkje hast fol. It gemeentebistjûr fan Oast-Dongerdiel, de Fryske Biweging, de Kristlik Fryske Folksbibliotheek en mear corporaesjes wiene oanwêzich. Midden op it hof, Noardkant tsjerke, hat Wybenga syn lêste plak op ierde krigen, dêrre neffens syn eigen bigearte.

Op Wybenga is fan tapassing psalm 45 : 2:
„It herte trillet my fan goede wurden; ik siz myn dicht foar de Kening; myn tonge is de pinne fan in feardich skriuwer.”

Dokkum. S. E. Wendelaar Bonga.

FEDDE SCHURER:

By de dea fan in dichter

In memoriam Anders Minnes Wybenga

I.

In diger wurker en wrotter
Yn Fryslâns groun en tael,
In blide, glânzgjende protter
Dy't tsjottere op 'e fjurhoksnael;
Ien dy't hwat betters bitochte
As it libben lije woe
En al mar nei dingen sochte
Dy't er dochs net krije koe;
In ienling, forslein yn it striden,
In ruter, sûnder hoars —
Mar hwat wie dan sûnt Gysbert syn tiden
In dichter yn Fryslân oars?

Mei doarpske jelne bimetten,
Ienkennich en spikerhurd
En swier yn jinsels bisletten
Sa't elk hjir yn 't Noarden wurdt;
Dêr't it kasboek dochs jimmer heger
As de dichtbondel oanslein is,
Sjitte hja kâldwei de hazze yn it leger
Dy't nou ienris sa oanlein is.
En men wist yn dizze hoeken
Jinsels as dichter gjin rie

As men de evangeeljeboeken
En de psalmen fan David net hie.

Och, de dichters, hja jeije ek faek nuver
Har eigen bistan yn trewyn,
De iene syn Frysk is net suver,
De oare is to read of to fyn.
Sa brekt it ienfâldichst bitrouwen,
Sa rûgelt it roet yn it miel,
Sa komt der gjin hân út de mouwen:
Sa heazet it liet yn 'e kiel.
Sûnder forjaen en forjitten
Komt men tsjin elkoarren to stean
En oer de lytste trelitten
Moatte jierren earst hinne gean —

II.

Anders Wybenga, dizze fersen,
(In frjemd in memoriam)
Ik wol se dy baerne as kearsen
Ad majorem gloriam.
Ek dû wiest mids dit naesje
As Fries en as dichter set,
En dy nuodlike kombinaesje
Brekt ús ien foar ien it hert.
Al seachst ek yn my wol by riten
In fijân, in stân yn 'e wei —
Ik eagje nei de ivige kriten
Mei freonskip en wêmoed dy nei.

Nou hat dy de stiltme bifongen
Fan it rûzjende fredehûf,
It lêste liet is hjir songen,
En it wurdt my ûnwennich en drôf —
Strak reizgje ik nei fêste wizânsje
Ek datselde ûnûntkombere paed
En ik nim de himpen distânsje
Dy't deaden en libbenen skaet.
Fan it ierdapellof nei de palmen,
It is mar in hoannetrêd —
En wy sjonge de himelske psalmen
Togearre fan 't selde blêd.

In bifrijde siel, in sillige,
Untboun fan tiid en romt',
In út Fryslân forloste hillige
Dy't yn it deiljocht komt,
Ien dy't hwat betterers bigearde
As it libben lije woe,
En dy't troch genede learde
Dat er alles krije koe —

— — — — —
Skik, Hear, ek, nei striid en leedzje,
My in plak yn Jins wenten ta,
En forjow de dwaze komeedzje
Dy't wy hjir opfierd ha.

It is noch hwat fan âlds

In pleats leit yn 'e lannen:
It is noch hwat fan âlds;
In opfeart en in terpke
Sa rêstich en âldwrâlds.

In singel mei in mantel
Omfredet hôf en tún;
Ielreagersnêsten roeikje
Yn hege beammekrún.

In foarein en in skuorre
Boud nei in goed bislút;
En de ankers yn 'e muorre
Wize ús syn âldens út.

Twa wite stiennen lizze
Forgiene tiid ta skoar
As slútstik fan hameije
By skuorre en bûthúsdoar.

En âlde tiden binne
Us hjir sa wûndre nei,
En nimme ús each en herte
Ta dream en drôge mei.

Hjir wennet fêst in kening,
Net mei hwat heechs en kâlds,
Mar as in heit en hoeder:
Dit is noch hwat fan âlds.

Hjir fâldzje wy de hannen:
Gods gunst is mannichfâld;
In pleats leit yn 'e lannen,
It is noch hwat fan âlds.

Lân

In hyp, in hap, hwat skean, hwat rjucht,
In hichte, in leech, in âld gehucht.

In feart, dy't hûndert kronkels hat,
In reidwâl skier, in terpke swart.

In hûs oerlâns, in hok oerders,
In tún hwat skurf, in hôf yn 'e es.

In krûme wei, in skranke reed,
In wylgenbeam, in âld hússteed.

Hjir by in hoeke in bocht hwat skerp,
't Profyl fan in forgroeven terp.

* Yn 't roun hwat tuorren, spits of stomp,
Hwat boerepleatsen kant of plomp.

Hwat huzen nei tsien moaden boud,
Dochs, helder, kreas en wolbitroud.

Hwat greide en bou, hwat klaei en sân;
Lykwols, dit lân ús eigen lân,
Dêr't groede oer giet en glâns oer leit
Dy't ús syn harmonije seit.

Studearkeamer

Moarns al by de earste dage
Stiet hy foar fraech op frage,
En 't giet de hiele dei;
Oer riizjen en oer sinken
Hat hy syn taek fan tinken;
En leit dy him net nei?

Op 't minskdom om him hinne,
Op waer en wyn en sinne,
Op alles jowt er acht:
Op hoe't de wolkems geane,
Op hoe't de fûgels fleane
En hoe't de toerklok slacht.

Hy hat oer hûs en lannen
Syn fêst bistek en plannen,
Sa fynt er wurk en rêst;
Syn reakken, skeaven, stûken,
It binne him syn boeken
Dêr't hy aloan yn lêst.

En hat er syn problemen,
Syn kwesjes en systemen —
Hja meitsje him fan stiel;
Hy lit de wrâld mar swaeije:
Och, alle dagen draeije
Him wol in nij tafriël.

Sa moat er folle omfiemje,
 En sil net kleije of kliemje
 Oer dêr't syn hert fan hâldt:
 De romte is him ta tinte,
 It frije fjild syn wente,
 Syn keamer is de wrâld.

En binne fjild en wegen
 Net altyd wolgelegen,
 Hy is en bliuwt de boer;
 Hy wrakslet en hy sribbet,
 Hy leart salang't er libbet,
 In bern fan Mem Natûr.

Takomst

Oer is de winter, de Maityd komt oan,
 't Is oer it fjild wer sa rom en sa skoan,
 't Is wer sa fleurich en frij yn Natûr;
 't Herte is forhûge: de winter is oer.

Klank yn 'e loft fan fûgeleliet,
 Kleur oer 'e lannen is maitydseniet;
 Klearens fan himel mei goudene skyn
 Jowt ús syn wielde by súdlike wyn.

Maityd is takomst en takomst is fleur;
 Fleur is de wille fan teken en kleur;
 Kleur oer it fjild, oer de wrâld, oer ús wang
 Stimt wer ús herte ta blidens en sang.

Strak giet de ploege syn paden wer lâns,
 Binne yn 'e beagen de hynders hwat mâns,
 Sieddet de siedder syn sied wer oer 't lân,
 Wachtet wer frucht op it wurk fan syn hân.

Bringt ek April noch in gril oer ús lea,
 Waeit der in skerpere wyn oer ús gea,
 Komme 'er wer buoijen sa fûl en sa fris —
 Maeije bringt dochs ús syn sinneskyn wis.

Winter en simmer, hja witte har tiid,
Siedding en rispinge makket ús bliid,
't Wurdt fan 'e Heare yn 'e himel bistjûrd,
Dêrom is 't hearlik en looft it sa goed.

Hy Dy't de Maityd it kommen gebiedt
Jowt ús yn 't herte noch stoffe ta 't liet;
Sa is, by al hwat op ierde ús fortret
't Maityd fan binnen en hoopjen yn 't hert.

It lân om

De frisse wyn strykt wer oer 't fjild
Fan profesijen fol,
De greiden lizze ljocht en grien,
De bou wurdt wyt en krol.

En by it lingjen fan de dei
Mei ljochte sinneskyn
Seit nou de boer, sjucht hy op 't lân:
„De ploege moat der yn”.

De hynders komme fan 'e stâl;
Hwat stean har noasters wiid!
Hwat stean hja trapkjend op it hiem:
Dit is de nije tiid.

Sa stekt de ploechfeint der op út;
Nou giet it nei it lân;
En giet it rêd, de jaling leit
Wol yn in fêste hân.

Dêr stiet er al op 'e ekersein,
Sjucht efkes yn 'e wyn,
Dan, mei in „foart”, „tobek” en „hou”
Slacht hy syn hynders yn.

Hoe gouden is de sinneskyn,
Hoe koel en klear de loft;
Hoe giet it al mar op en del
It moaije lange skoft.

Hwat spant dy spier, hwat set dy poat;
Hoe stevich stapt it span;
Hoe fielt it him fol krêft en kriich;
Hoe fleurich is de man!

Hoe lûkt it hynder oan 'e string
Dy't him as getten sit;
Hoe slacht de damp him fan 'e lea;
Hwat blinkt dat waerme swit!

En mei de ploegesturten beet
En mei syn „boei” en „hâld”
Bistjûrt de ploeger sterk en kras
Syn hynders op syn wrâld.

En 't is mei nocht as hy op 'e ein
Syn spâlt en stryk bisjucht:
De ekers lizze roun en fol,
De fuorgen rinne rjucht.

En as de klok seis ûre slacht
En 't span it oerjaen moat,
Dan rêst it maklik, hwant der is
In hiele lape swart.

Jrappels yn 'e broei

Hja steane yn 'e hûs yn 'e jrappelbak
En hawwe yn it bûthûs sa'n broeijend plak.

Hja leijen sa'n set yn 'e winterheap
En hiene yn 't tsjuster gjin wreid to keap.

Mar hjirre forstean hja de maitydsrop
En dogge hiel kibich de eagen op.

Hja sjugge elkoarren fornuvere oan:
Hwat is 't yn 'e waermte dochs smûk en skoan.

Hja krije sa'n stevige wite sprût,
Dy kipet it boppeste sprútgat út.

De boer biwûndret syn frucht op 't sté:
Sa aenstouns binne syn setters ré.

Hy is yn syn tinzen al klear mei 't lân,
Hy sjucht al de setters yn bernehân.

Hy sjucht al: hja wurde yn 'e gatten wei,
En d' eide bistoppet har foardêrnei.

Hy sjucht al har kreas yn 'e rigel stean,
Dat is al by him it bigjin fan 't lean.

Hja waeksje en hja dije en in lânfol lof
Jowt him om to tankjen wer nije stof.

Sa stekt op ús grounen de frucht út 'e ein
By sinne en by 't simmer mei waermte en rein.

Sa is 't al yn Fryslân twa ieuwen gien
En hawwe de jrappels har plicht forstien.

Dy fruchten sa giel en sa blank as goud
Hja sprekke fan segen dy't God ús jowt.

Kealderij

Maitydsmoanne! Nije lûden
Geane der oer tûke en krûden;
Bûtendoar en yn 'e hûs
Dêr't de kij to kôgjen lizze
Kinn' se ús sûnder wurden sizze:
't Libben hat syn feestgerûs.

Sjuch dy datums op 'e balke
Dy't de boer mei kryt dêr malke
Mei de nammen fan de kij,
Witte krekt jin to forheljen
Fan de juste tiid fan kealjen
Fan it Bleske en fan Marij.

Sjuch, de boer hat hwat fornommen:
D'r is in kealtsje wer op kommen.
Midden yn 'e neare nacht,
Wylst it stil is op 'e buorren,
't Ultsje klaget op 'e skuorre,
Hâldt er by syn beest de wacht.

Lyk in hazze, de eagen iepen,
Leit er op 'e bank to sliepen,
En hy dreamt ris âlderwets
Oer 't rantsoen fan 't kouwe-iten
Oer in reegling fan Van Swieten
En in meagre kealleskets *).

*) Skreaun yn de tiid, doe't to Ljouwert yn 'e Van Swietenstrjitte de keallesketserij regele waard.

Al dy nijerwetske dingen
Wit er min to plak to bringen...
Dêr, de kou forskeuvelt heal.
Hat er al oanstalten makke?
Dan is 't tiid om oan to pakken;
En sa hellet hy it keal.

Noch mei 'n rûzerige holle
Sleept er 't nijling yn 'e golle;
't Bêd fan strie leit dêr al klear.
Is 't in koukeal of in bolle?
Och, dat 's langer likefolle;
Men is dochs gjin baes nou mear.

Efkes dykrje nei de stjerren
Dy't dêr pronkje yn 't hege omfierren,
By de kou sjen, en dan rêd,
Mei hwat stjitten en hwat stompen,
Sjit er út syn kile en klompen:
Hy giet noch in ûrke op bêd.

Tún

De maityd komt mei sinneskyn;
Nou moatte wy de tún wer yn
To pjukjen en to sljuchtsjen;
Wy skreppe dreech, it âlde sté
Moat foar de nije siedding ré;
Dêr's flink hwat to forrjuchtsjen.

Hwat net bigeard wurdt, is der 't meast:
Fansels it túch is altyd earst;
Wy himmelje ider poltsje;
Sa aenstouns knypt de grouwe klút
Foroare yn moal der tusken út:
't Wurdt fêst in fyn gefaltsje.

Hjir moat hwat ôf en dêr hwat by,
It moat hwat jong, hwat fris en nij,
Mei 'n stekling en mei 'n strûkje;
't Giet alles mei forstân en ried:
Wy siedzje in lêste pûdtsje sied
Yn in forgotten hoekje!

Wy knippe noch in haechje by;
Hwant hong dêr net hwat al to frij
In lyts oerstallich tûkje?
Is aenstouns 't spul wer yn 'e groei,
Dan winskje wy de simmerbloei
Sa moai as yn in boekje!

In protter set in wyske yn,
Hy kin yn 't beamkeguod sa fyn
Ris om 'e takomst laitsje:
Hy sjucht de beijen, roun en rea
Foar him al ta syn daegliks brea;
Dy sille fêst wol smeitsje.

Sa hat ús tún syn kleur en geur,
Sa jowt er ús in poarsje fleur,
Mar ek syn ûngemakken;
En altyd giet de striid wer oan;
Hwant wurdt der net in bult bidoarn
Troch mollen en troch slakken?

Hawar, wy seure 'er net op om!
Hwat knoppet moai dy peaskeblom,
Rhabarber komt al boppe,
De beibeam bot ek aerdich út,
Sa aenstouns sil in stive sprút
De tulp wer ta syn kleuren roppe.

In lapke groun, in hoekje tún,
In flearehage, in beammekrún,
't Spul dat wy siedzje en bouwe,
Hwat kin it ús in wille jaen;
Wy kinne it mei in bytsje dwaen,
Om't, by hwat de ikkers jowe,
Wy op in Heger gunst bitrouwe.

Maitydsgrien

Nou is 't ljocht oer fjild en wegen,
't Lân, bistrield mei glâns en segen
Hat it nije lûd forstien,
Toait him op mei wolbihagen
By 't ûntploaijen fan de dagen
Mei it súvre maitydsgrien.

En hwat wyn en loft en sinne
Foar de fruchtbre greiden binne,
Teeknet him yn 't sêft tapyt
Dat wol alle dagen siker,
Kleuriger en rein en riker
Pronket sûnder wryt of slyt.

't Earste fé, lang thús boun sitten,
Wurdt al yn 'e greide litten,
Jowt der syn stoffearing oan;
't Is in rike profesije
Fan de simmerpoësjie
Dy't ús winkt mei kleur en toan.

Sa is dizze tiid bysûnder:
Efter ús it Peaskewûnder,
Foar de bloei fan Maeijedei;
En ús faek bistriden herte
Kin him wer ta freugde sette,
Is wer fris en fleurich mei.

Yn in wrâld fan 't lijen slope,
Waekset wer de nije hope
Op it heil fan rêst en tier;
En wy, lit it skruten wêze,
Kinne yn 't grien de hope lêze
Op in simmer, gol en blier.

Grien en hope, ljocht forriizjend,
Mei har kreft nei Boppen wiizjend
Meitsje ús yn 't bitrouwen stil
Dat allinne troch genede,
By it kommen fan de frede,
Faek tsjin alle minske rede
't Heil yn 't herte ús wenje sil.

Buolguodsdei

't Is feest yn 't doarp, it folk rint gear,
Men makke jin der wol op klear,
Sa heal foar sneins en heal foar deis
Is 't heale doarp al ûnderweis,
En mei skoan sinten yn 'e ponge
Sil aenstouns elk syn liet wol sjonge.

Elk munstert, foar de sjeu mei 'n sucht,
Hwat hy yn skuorre of bûthús sjucht;
Der is wol yn 'e boerkerij
Foar elk hwat fan syn gading by;
En hwat tomûk en yn in hoekje
Skriuwt men jins prizen yn in boekje.

In skuorfol minsken, blond en griis
Is mei dit wûnder wakkre wiis;
Binammen foar in kliber bern
Is hjir in hiel bult nijs to sjen;
Hwat kinn' se op 't hea moai rollebolje;
En om in hoekje stean hwat froulju.

It spul bigjint: Notaris seit
Hwat wicht yn de kondysjes leit,
Hoefolle 't myndersjild bitsjut
En hwat persint der rekkne wurdt;
Foar lek of brekken, nije of âlde
Kin elk syn eigen lea mar hâlde.

De opropper giet al op syn wein
Mei de opsjeposten 't earst út 'e ein.
Sa hjir en dêr it „ja!” en 't „myn!”
Bringt moai de rjuchte stimming d'r yn;
En ider wit mei snoade setten
De saekjes gloarje by to setten.

Op 't lêst: 't is út, it spul is dien,
Elk hat syn bêst fan bieden dien;
En mei in kou of mei it tou
Giet ider wolfoldien op sjou,
Om strak hwat op 'e stoel to sitten
En al 't plezier wer út to mjitten.

De boer giet suchtsjend op 'e joun
Syn lege stâl en gollen roun:
Fansels, hy is safolle mâns
Hy wurdt in mantsje foar de Skrâns;
Mar jowt dat doel ek gâns bihagen
Dit wie ien fan syn minste dagen,
Hwant skieding hat faek wol syn glâns,
Mar bliuwt noch faker swier to dragen.

Wy bringe de keallen der út

Wy bringe de keallen der út;
It giet mei in hoart en in sprong;
Hwat blieze se frjemd troch de snút,
Hwat binne se kreas op 'e gong;
Hwat strofflet ien bryk oer in klút,
Och, dêrfoar is er ek jong!

Hwat sjucht er forwaeid en forheard,
Hy hat ek noch noait soks hwat hawn,
O kealtsje, nou kuijerst' forkeard,
Der is ek in ein oan it lân;
Dêr is 't sa! mei 'n plof yn 'e sleat!
Dat komt fan dyn kealleforstân.

Hy spat der wer út mei in feart,
En kûgelt de kearen wer oer,
Hy hat fan syn bad noch net leard,
Hy bôget mei faesje en mei fjûr;
„Ja spring mar, dat hindert dy neat,”
Sa glimket fleurich de boer.

Dêr slacht er folslein bûten 't spoar;
Dêr komt er wer lyk op ús yn,
En de eagen! It wyt draeit er foar;
Hwat stekt er de noas yn 'e wyn;
Hja tommlje de iene oer de oar,
Hja binne fêst sinneblyn!

Dêr gean se wer gysten út 'e ein,
Gjin doel, inkeld dwylsin foar 't each;
Twa binne troch puntriedden flein,
Ien docht der in slach oer 'e rêch;
En hat er in tel dêr sa lein —
Hy fljucht oerein mei in fleach.

Och, Maityd sit har yn 'e lea;
't Is nou noch 't bistean en it aerd;
Strak witt' se fan euvel noch kwea
Dan binn' se bideft en bidaerd,
Dan geane se, as lamkes sa blea
Goedmoedich it kouwepaed.

De brotske hin

Yn 't skuorrehoekje
Sit de brotske hin
Op syn nêst mei aeijen,
Krekt sa breed as 't kin.

Dagen hat er sitten,
Nachten hat er bret,
Oft er sliepte of wekke —
Hy foroare net.

Ut 'e fierte komme
Lûden skerp en skril
Mar hy bliuwt oan 't brieden
Unforstourber stil.

Grif sit hy to peinzjen
Yn in hinnedream
Hoe't er strak om hûs rint
Mei syn piketeam.

Yn it skuorrehoekje
Sit de brotske hin,
Hwant de Skepper soarget
Dat er briede kin.

Winst - gemis

Al ré, it moat, it beest is ryp,
It stimt de boer sa bliid:
Hy hat de pong nou om 'e hals,
't Is goudene ûre en tiid.

It keatling ôf, 't hoarntou wer fêst,
De auto stiet al ré,
Nou komt dat skoander eigen beest
By al it oare fé.

En 't giet rjuchtút op Ljouwert oan,
Noait sjucht de boer him wer;
Sa gyng it foar en nei ek mei
Syn bisten allegear.

It wie in moaije ripe kou;
Hy bart in flinke som,
En berget dy yn 't kammenet:
Dêr is 't geskrip dochs om.

Dochs, blinkt it moai, 't is foar de boer
Net hielendal in feest;
Hy ommers koe fan jongs-ôf-oan
It libben fan syn beest.

Hy fong him op syn eigen stâl,
Joech molke him en foer;
Hy fokke 'im op mei noed en soarch;
Dit is foar altyd oer.

Sa is de gong fan 't libben yn
De lytse boerewrâld;
Sa jowt dit kommen en dit gean
Him leed en wille to forstean
En 't lit syn moed net kâld.

Donglade

Hy stiet op syn klampe, mei linige swaei
Giet grypfol by grypfol út 'e ein;
Hy plantet syn stikken hwat kreas op 'e kant,
Sa laedt er mei krektens de wein.

Hy stiet op 'e fetlike massa mei moed;
En sakket yn 't wiete hy wei,
It let him gjin byt: binn' syn learzens net goed?
Hat hy der syn slinger net mei?

Dêr komt wer de fuorman, mar 't hinderet neat,
Hy is al oan 't ladingbislaen,
Sjuch, alles sit kant en it glinstret der oer;
Kom sa mar mei 't spul op 'en baen.

't Span hynders komt wer foar de ladene wein,
En 't pear lûkt sa feardich en frij.
Sa komt wer op 't lân hwat it lân earst ús joech.
't Bringt fruchtbrens en glânzigen by.

Nou efkes — 't is pypskoft! — de gripe yn 'e rêst;
De faem komt ljocht-luftich der oan;
In pantsjefol kofje, in hapke der by,
It past by sok laden sa skoan.

't Is op en bihimle, en nou wer fan lea,
Mei spaesje rjucht skryssum út 'e ein;
It jowt wol plezier al is 't wurk dan ek swier;
It doel der goed by en men hat jins fortier,
Al is 't ek mei dong op 'e wein.

Bûthúshimmelje

Waskje, plaskje, smyt mar ta!
Mei inoarren wille ha!
Wit de smoargens goed to reitsjen
Om de boel trochwiet to meitsjen!
Joun sill' wy der feest fan ha:
Waskje, plaskje, eas mar ta!

Hiel de wintertiid oanien
Ha hjir kij to kwytsen stien;
Alles is mei fet bidutsen,
Mei in laechje smyk bistrutsen;
Hiel de wintertiid oanien
Is 't hjir baer yn 't bûthús gien.

Amers, bienders, skrobbers ha
Nou de plicht fan „skrip mar ta!”
Hwant mei goede pudzen wetter
Wurdt de boel hjir gau wer better.
By de glâns fan 't skrip mar ta
Blinkt it bûthús aenstouns sa!

Hat men 't bânlich, is it drok,
Hwa hâldt dan gjin ûngelok?
Efkes yn d'oerdwealske rite
Kreas elkoar mei wetter smite,
Giet it net by ûngelok?
't Is sa bânlich, 't is sa drok!

En sa rekket yn in feeche
't Bûthús skjin fan heech ta leech;
Strak kinn' wy, as wie 't bisite
Fan sa'n stâl wol pankoekite:
En sa rekket yn in feeche
't Bûthús skjin en hoar en leech.

Waskje, plaskje, eazje sa
Mar yn folle gloarje ta!
Kinne nou hjir de einen swimme,
Strak sil alles blinke en glimme
As hie nea gjin kou hjir stien,
En de boer is wol foldien.

De flagge

De flagge waeit, de flagge wiuwt,
De maitydswyn is goed,
De âld skuorre stiet der oandien fan,
Hwant brulloft is it hjoed.

De kij yn 't lân, it bûthús skjin,
't Is rêst foar minske en beest,
Wolnou, hjir past in dei fan fleur;
Wolnou, dan brulloftsfeest.

In sterken nimt in ranken mei;
It pear stapt yn 'e koets;
De sinne skynt, de wyn is bol;
't Seit allegear hwat goeds.

Stie earen hja net op in joun
Dêr earne by in daem?
Hat hy doe net in fanke foun?
En waerd dat net syn faem?

De buorlju kenne buorljusplicht
Om kleur oan 't feest to jaen;
Dat sille flaggen, wech en wear,
De wrâld to witten dwaen.

Joun komt it folk ek by de lju
En winsket lok en heil,
En dat de flagge wapprije mei
By goede wyn yn 't seil.

De flagge waeit, de flagge wiuwt,
Hwant hjoed is 't brulloftsdei,
It is foar de ear fan 't jonge pear,
En 't fryske lân docht mei.

't Hat Maeije west

't Hat Maeije west, it hûs is skjin
En stiet der helder foar;
De golle is leech en 't hiem is rom,
De kij binn' bûtendoar.

Wy traepje it kreaze bûthús lâns;
Us stap klinkt hoar en licht;
Oer 't muorwurk loek de weterskalk
De skiere groeven ticht.

De blommen bloeije yn hôf en tún,
Fioeltsje en nagelbeam;
Yn 't miedlân dreamt de Pinksterblom
Syn ljochte Maitydsdream.

En oer ús fleurich herte giet
In nije Maitydsgloed;
Wy fetsje, mids yn noed en soarch
Wer hearlik libbensmoed.

Ek de âlde, krom fan skreppen, sjucht
Wer bliid de takomst yn;
Him tilt wer stille hope yn 't hert
Op ljocht en sinneskyn.

En dy't forhuze komt to plak,
Bisjucht syn nije kâns
En mûlket: „'k Moat op 't nije sté
Wer de âlde paden lâns.”

't Hat Maeije west oer fjild en lân.
Nou falt ús 't wurk wer licht;
't Is rounom frijdom, great en goed
En Pinkster is yn 't sicht.

Skieppeknippe

— O wé, dy grouwe keardel!
Dêr leit nou mem foar dea,
Hja kin gjin foet forreppe
Al woe hja noch sa skreppe:
Stiif knypt er har de lea.

Knip, knip! o wé dy skjirre!
Knip knip! o wé dy man!
O hwat noch nea sa barde!
O mem wurdt fêst formoarde:
Dat leit wol wis yn 't plan.

Hwat lok! Dêr is 't birêdden!
Sjuch mem komt wer oerein...
... Hwat is it nou in skralen...
Der nou noch nei to talen —?
... De lammen stean forslein.

Hja hokje ûnwennich skriemend
Deun by de hikke gear;
Hja kinne memme stimme
Faeks wol sawat fornimme,
Mar mem is mem net mear.

Hja blettrje en hja flittrje
De kearen op en oer;
Hwat slacht it har op 't bangste!
Hwat hawwe hja in langstme
Nei 't folle en 't hearlike ûr.

Har skroei wurdt al mar greater,
Har kiel is skrok en raer,
Hja wurde by 't gejammer
Sa sterk har toarst gewaer ...
O hark! ... soe 't wêze kinne
Dat hja har net forsinne? ...
En is der gjin gefaer? ...
Né, fêst! 't Is mem! Dêr hinne!
En yn in omsjuch rinne,
Sa toarstich as hja binne,
Hja oer 'e griene finne
Nei 't folle en stive jaer.

Melke

Iere moarn! De karren komme
De âlde reden lâns
As mar krekt yn 't Easten fierket
De earste dageglâns.

Ier yn 't lân; de bisten komme
Rekkerich oerein;
Och, hja hawwe yn swiete dreamen
Dêr sa rêstich lein.

Tuolle en spantou, salve en amer:
„Bistje, stean nou stil!
Leau mar dat in fêste hantaest
Dy wol melke sil.”

De earste speuten yn 'e amer
Klinke hoar oer 't lân;
Hjir en dêr en oeral hearsket
Nou de melkershân.

Dof en doffer raent it melken
Ta in sêft gerûs;
Op de wite molke skommet
Blank it waerme brûs.

Dien! In ammerfol nou jitte
Yn 'e glêdde bos.
Hokker nou? O ja de feale!
Dêr dan mar op los.

Aenstouns ride folle bossen
Nei it molkfebryk.
Sneons dan meitsje molkepûdtsjes
Mei har jildmuzyk
Wer de boeren ryk.

De fleur fan 't wurk

De simmer giet de lannen oer
Sa goed en gol en trou;
En 't warber folk is drok yn 't spier
Mei 't súvrjen fan de bou.

De boer stiet yn syn folle krêft,
Is ré mei holle en hân;
Moarns, ear't de sinne it nêst forlit
Is hy al yn it lân.

Dêr oer syn kij, syn djûr bisit,
Giet dreech syn hoed en need,
En as de molke yn 'e amer brûst,
Dan docht dat lûd him goed.

De dei is ljocht, de sinne myld
Dy't heech de loften kliuwt;
Hy merkt it wol, mar poazet net
Omdat it wurk him driuwt.

Sa is er yn it wide fjild
In kening yn 't biwâld,
Dy't koart fan wurd en sterk fan died
Syn each oer d'arbeid hâldt.

De takomst hinget oan it hjoed,
Dat hat er lang al leard;
Hy is ta de produksjeslach
Sûnt jierren al yn steat.

En 't fûgelt dat syn lieten sjongt,
De blom dy't iepenbloeit,
En hiel Natûr set fleur dêrby,
Dêr't hy wer sels yn groeit.

En dochs, hy wit, hoe't hy him wart
Mei alle soarch en need,
Dat hy syn doel en paed en plak
Net foar gjin part bistjûrt.

Hwant och, hwat hat er yn 'e hân?
Foroaret hy Natûr?
Sil hy de rein of droechte jaen?
Hwat seit syn lyts bistjûr?

Hy tinkt oan God Dy't alles skikt
Op ierde en heech yn 't swurk;
Hy wit him great, mar teffens lyts;
En hwer't er Heger segen murk
Is dat syn fleur by 't wurk.

Boshimmelje

De bos op it stalt en in sankje der by
— 't Is simmer en wielde sa nuver en nij —
Feech oan, nou mar poetse en bjinne!
Hwat liem en hwat skierjen, hwat slaen hinne en wer
Strak komme se op 't rak en hja pronkje allegear;
Dan blinke hja moai yn 'e sinne!

De bos op it rak en in sang riist nei 't swurk;
Hwat past dizze dei by dit kostlike wurk;
't Is alles sa jong en fol sängen;
Har bûgsume stal past by 't himmljen sa goed;
Hja draeit en hja swaait mei har bossen mei moed
De freugde leit fris op har wangen.

De boel is bired en de bos is op 't rak;
Kom oan, efkes pûste, dit jowt syn gemak;
O sjuch ris hwat spegels it binne!
In lust foar de brinne, foar 't each in geniet;
De faem sjongt har heechste en har helderste liet,
En heech stiet de simmerske sinne.

De Hage

Dou stiest sa biknipt en ynfieren,
Dou biste sa kreas as in nût,
Elk tûkje is krekt op syn steedtsje,
Gjin flinterke sjit op dy út.

Sa heart it en 'k wit wol datst' moai bist,
En suver en rjucht hâldste hoek;
By dy is de mjitte sa kostlik,
By dy is 't sa smout en sa smûk.

En dochs mei 'k mei ynlike wearze
By tiden dy suver net sjen;
Dou hast mei dyn opstrutsen troanje
It eigne fan 't libben forlern.

Ik freegje nei hichten en lichten,
In libben fan tsjinstellings fol;
It wylde dat wyndret oer de ierde,
Dat heech nei de himel út wol.

Mar dou bist biknipt en ynfieren,
Dou bist in produkt fan 't forstân,
En dochs kinne wy dy net misse,
Dou dochst ús de streek oan de hân.

Yn 't hea

Kom, it lân nou mar yn,
Hwant de sinne en de wyn
Hawwe dien hwat de boeren bihage;
't Rûkend hea is al ré,
't Leit forblikt op it swé;
Sels al droech binn' de dûbelste lagen.

Lûk mar hastich fan lea,
Hwant it hetsige hea
Is al ryp foar de bluistrjende wudzen;
Kom mar gau mei de tiem,
Bring mei wurden sa hiem
Goed de gong yn 'e glânzgjende gudzen.

En wy reppe ús sa dreech,
Reak by reak riist omheech,
Suver machtich en great lyk as tuorren;
En wy swylje it sa skjin,
Litte it sjen hwat wy kinn'
Yn dizze ûren fan skreppen en skuorren.

En hwat swaeit elkenien,
En hoe'n hoeke is der dien,
En de boer, sjuch, hwat pûst er en rint er!
't Spul stiet glêd yn 'e brân;
En sa wint nou ús hân
By 't simmer it foer foar de winter.

Mar hwat liket dat skoan!
Sjuch, de faem komt der oan
Mei de kofje en de koeke en gerjuchten,
Dit is wol yn 'e heak!
Kom mar rêd by in reak,
Hwant dit saekje moat earst gau bisljuchte!

— 't Is wer op! — âld en jong
Kin wer flink oan 'e gong:
Pracht, hwat blikkert en bleakert de sinne!
Sjuch, op 't wurk stiet ús merk!
Sjuch, hoe linich en sterk
Stive Friezen yn 't haeilân dochs binne!

By 't simmer

By 't simmer is 't de simmertiid
Fol kleur en streksum teffens;
Dan sjonge tûzen fûgels bliid,
Dan lizze kimen fier en wiid,
En 't libben is dêrneffens.

Dat fiert in frije Sneontojoun
Hwat losjes en hwat lightsjes,
Soks is sa fris en geef en soun;
De fjilden tille fier yn 't roun
Fan libbene gedichtsjes.

't Is nou gjin tiid foar tiezerij.
Dêr stappe wy oerhinne;
't Giet allegear sa frank en frij;
En op 'e middei dreame wy
Fan simmer, sé en sinne.

Dêr sit hwet luftichs yn 'e loft
By dagen en by nachten;
Dat utert him yn bliid geroft,
Dat fiert nou feest mei gâns in kloft
Fan flintrige gedachten.

Dit is hwat kostliks foar in mins:
Nou efkes út 'e sile;
It wurk oan kant, in setsje lins,
In inkle dei ris foar de prins,
De jas oan foar de kile.

D'r op út en frij it fjild ris yn,
Nou alle leed forjitte;
Hoe gouden is de sinneskyn,
Hoe boartlik komt de sudewyn
Us triipljende tomjitte!

Wy meije in fleurich liet forstean,
Sa mar fansels to learen;
En hwer't der minsken komme en gean,
Sa licht en losjes yn 'e klean,
Klinkt har dit liet yn de earen.

By 't simmer bringt de simmertier
Op alle wizen wille;
Dit is de rykste tiid fan 't jier;
Wy kinne ús lêsten, faek sa swier,
Der moediger om tille.

Kijforweidzjen

't Iten wurdt wer minder
Yn de fjirdeheal:
Wrede kouwetongen
Skearden alles keal.

Sykjende eagen loerden
Gauris nei de daem,
Oft om to forweidzjen
Nou de boer hast kaem.

Hwat 's dêr by dy hage?
Wis, dêr komt er oan;
Koppen komme omhegen:
't Wurdt in goede moarn.

En sy sizze lûden
Elk nei eigen aerd;
Blidens fan forwachting
Leit yn 't kouwepaet.

En sy komme deftich
Fan ien tinken laet;
Eft'r elkoarren reizgjend
Lâns it kouwepaet.

Wraggeljende rêgen
Yn in lange streek,
Suver âlde beppen
Roeikjend nei de preek.

Nou't er by de hikke is
Krij' se 't foar 't forstân,
En mei krûme sprongen
Stoarmje se út it lân.

Sleatheakkeljen

De sleat is smoarch, de sleat sit fol
Fan flach en einekroas;
De kanten binne rûch bigroeid:
Mar dit moat nedich oars.

It wetter is in blabzeboel;
Gjin baerkes gean der yn;
't Is sa gjin kouwedrinken mear:
It mist de sinneskyn.

Snijseine kom, en heakkel kom,
En helje it spul der út,
En meitsje dy't fol rûchte sit
Wer helder om 'e snút.

Sà, heakklje gau de bringsteboel
En bergje it op 'e wâl,
En meitsje fan de sleat in sleat,
Hwant dit is mear as mâl.

Sà, is mar strak it doel birikt
Dan wurdt it wetter tin,
Dan komt de goede sinne wol
Dy skynt it spul wer skjin.

Dan gean de weachjes wer de sleat
Klear as in spegel lâns;
Sa hat it each en 't hert syn sin,
De sleat syn glim en glâns.

Risping

It noat is giel, it koarn waerd ryp,
It wit syn tiid fan 't jier;
Sa blank en weagjend is syn strie,
En kostlik is syn ier.

It lân joech 't groede en fruchtbrens mei;
En dauwe en rein en wyn
En dei en nacht ha harres dien
By sinne- en moanneskyn.

De sichter komt mei 't skerpe ris,
Him is it wurk sa leaf;
Hy slacht al oan, hy rôllet ôf,
En makket skeaf by skeaf.

De bynster giet de swéen oer;
En, hat se in holle as bloed,
En wurdt it foar de rêch in toer,
Hja docht har wurk mei moed.

Hja kriget nou de skeaven op,
De stûke komt oerein,
In triuw noch mei de klompen, en
Dêr stiet er kreas en kein.

Strak komme weinen de ikkers lâns
En ride al ôf en oan,
En yn 'e skuorre giet de tersk,
Dêr skaet men 't strie fan 't koarn.

De boer is great op wurk en fjild,
It lân dêr't hy fan hâldt,
Syn frucht dy't him syn winsten bringt
Yn kerlen hûndertfâld.

Hwant is in kening great yn ear,
En heech yn macht en stân,
Hy moat it fan de boer dochs ha
En fan de frucht fan 't lân.

De Hege, dy't oer alles giet,
Oer kening, lân en boer,
Dy't ta it wurk de krêften jowt,
Oan 't lân syn skat fan kleur en goud,
De minsk ta segen, tabitrout,
Biskikt mei wiis bistjûr
— En 't makket minske en bisten bliid —,
De segen fan de rispingtiid.

De stuken

De stûken steane op 't stopplich lân,
Soldaten yn 't gelid,
En de ieren lústrje mei'noar oer
Hwat yn sa'n stûke sit.

Der sit hwat yn fan groede en tier,
Fan rypjen en fan frucht,
Fan stâlde en strie en tinende ier
Dy't bliid himsels bisjucht.

It seit fan segen oer it koarn
Yn rein en sinnekrêft,
Fan dagen yn har gloede skoan,
Fan nachten, stil en sêft.

Sa trillet yn 'e stûkestreek
De lústertael fan 't koarn;
't Fielt al syn doel as fiedsum brea;
Sa sizze hja harsels de dea,
De minske it libben oan.

Noatynheljen

De sinne skynt oer 't iepen fjild,
De loft is djip en blau;
Hwat waeit it wyntsje wol en foech
De stoppels en de skeaven droech
Ta segen fan de bou.

De boer fornoege oer waer en wyn
Komt mei syn reau op 't lân;
Syn hynder dat syn baes forstiet,
En tusken stûkerigen giet.
Stjûrt hy mei fêste hân.

Stek op, stek ta, de loeger giet
Fiks mei syn plicht út 'e ein;
Mei moedich sin en mei gemak
Bringt hy de lagen moai toplak:
In kening op syn wein.

De weide wint al oan en oan
En roeiket steatlik sa;
Nou foar en efter noch de bân,
De bynstok d'r op en dan fan 't lân;
't Giet op 'e skuorre ta.

De weide sit, hwat sit er kant;
De loeger woltomoed
Sjucht, nou't syn wurk der wêze mei,
Him bliid en wolgefallich nei:
It slagget tige hjoed.

Dêr riidt de reed de stoppels lâns,
Swikt krekt op de ekersein,
Mar tommelt net, o né, gjin noed:
Hy sit sa fêst en fiks en goed,
En stevich is de wein.

En op 'e joune, it lân is leech,
Hwat stoppels bleauwen oer;
Mar yn 'e golle, goed en smout,
Sit nou it noat, dat ryk as 't goud
Oan fé en minske 't fiedsel jowt,
In skat sa blank as djûr;
En tankber is de boer.

Weideleegje

O wis, it is in hjitte dei
En near en dompich yn 'e hûs,
Mar wille hat er by de rûs,
Syn earmen swaeije al oan en wei.

De golle groeit, de man stiet leech,
Mar op syn drege krêften mâns
Giet hy mei sin de weide lâns
En stekt er skeaf nei skeaf omheech.

De skeaven koarn binn' fol en swier;
Dêr wie der ien omhegens gien,
Dy falt wer del — is 't net gemien? —
Koarnangels rûglje him yn 't hier.

En falt sa'n falske skeaf ek del,
Pal bliuwt er op syn weide stean,
Al plakke wiet trochsypre klean
Him klam oan 't hjit en jokkrich fel.

Hark, komt in nije reed dêr oan?
Binei de weide foar de doar?
Welnou, hy is noch krekt yn 't foar;
't Hout is to sjen: hy redt it skoan.

De bynstok d'r op, der út dy wein;
— 't Is bûtendoar dochs frij en fris —
Kom nou mar op dy't bûten is! —
Hy hat it woun, 't is goed bislein.

In nije reed, in nij fortier,
Wer 't selde doel, 't giet redsum sa
Fan boppen ôf nei ûnd'ren ta
En fan de souder nei de flier.

Sa komt it noat wer wol to plak;
De stûken, droech yn sinne en wyn
Ride yn in feech de skuorren yn
En sitte feilich ûnderdak.

Noatskunen

It hiem is fol, it herte is rom,
It noat sit yn 'e skûne,
Dy trije dêr op 't boerehiem,
Hwat binne it moaije roun.

It liket krekt as foelen hjir
Kreas trije greate parren,
As kamen se yn 'e rispingstiid
Ut reuzehannen harren.

De boer nou't sinne en wyn him holp
Hat ek net langer boarge;
Net earder is it hert gerêst
Of 't noat moat earst bisoarge.

Strak sil mei pûsten en lawaei
De terskmesine komme;
En hwat men yn in dei hjir brocht
Wurdt yn in ûre romme.

Dan komme wer de sekken fol
Fan kostelike spize;
En freget men: hwer kaem dit wei?
De boer sil djip oertsjûge nei
Dizze ierde en ek nei Boppen wize.

Skaed oer 't hiem

Noch steane hja op 't feilich honk,
Yn folle toai fan blêddepronk,
Us beammen, de âlde trouwe,
Dy't yn 'e moarn en op 'e joun,
Oer hûs en hiem, oer gea en groun
Har skaed en smoutte jowe.

De sinne sette har yn gloed,
De moanne naem har op syn noed,
De stjirren glimken fyntsjes;
En stúf of boartlik kamen út
De „grime herne” of 't waerme Súd
Sa stoarm as soele wyntsjes.

Nou sierje hja nei sin en aerd
By stek en daem, by pún en paed
De groun mei goede glânzen;
Hja sizze ús dat it sinnegoud
De beam syn krêft ta waeksjen jowt
By skoandre libbenskânzen.

Sa tusken hjerst en simmer yn,
By dize en dauwe en skimerskyn,
Wylst de earste blêdden falle,
Biskikt har skaed oan 't hiem syn rêst;
Nou leit sa smûk it âlde nêst
By stille wetterswallen.

De minske, al drukt him leed en krús,
Fielt him op 't eigen sté sa thús:
Hjir mocht er 't libben winne;
Hjir wennet hy yn frede en stil
Fan 't lok dat wie en komme sil,
By dy't him dierber binne.

Hjir ûnder 't feilich beammedak
In lyts mar libbenslokkich plak
Is 't sintrum fan syn paden;
Hjir taest it him sa djip yn 't moed;
Hjir is it rêstich, ryk en goed,
Dat sizze him dy skaden.

De wrâld sa great en wyld en wiid
Ropt lûd oer opbou, nije tiid,
Mar stiet yn striid en huver;
Mar hjir by ús op 't âlde paed,
Yn koele rêst fan beammeskaed,
Is 't lok sa fol en suver.

Lichte

Hja waerden berne
Yn Fryske groun
En diiden rêstich
Yn 't lang en 't roun.

Hja seagen sinne
Noch dagerea;
Hja wisten dêrre
Fan goed noch kwea.

Mar wie bytiden
In wizenien
Hwat echt nijsgjirrich
Nei boppen gien, —

Syn wangen waerden
Dan geizich grien,
Soks hat de sinne
Ta straffe dien.

Har lange loffen
Sa heech en fol —
Foar har wie hearlik
Dy sinne wol.

Dy pronken blomkjend
By simmertiid,
Oant hja bistoaren
Yn koelder tiid.

Doe kaem de lichter
Sa sterk en mâns,
Mei man en hynder
De fuorgen lâns.

Doe leijen tûzenen
Fan jrappels blank
Oer 't lân as fûgels
Sa frij en frank.

De sikers kamen
Mei bak en koer
Om bût to winnen
De kluten oer.

Hja grabblen helder
Mei wille en moed
Dy frucht fan de ierde
Ta spize goed.

Doe krige in karre
Mar gâns to keap
En ried dy risping
Nei 'n lange heap.

In jrappelheapsté
Sa kant en rjucht
Moat hoedzjend bergje
De goede frucht.

Der leit hwat oer

Dêr leit hwat oer it iepen fjild
Ik wit it net to neamen;
It hat hwat yn fan bânich wurk,
Mar ek fan rêstich dreamen.

It hat hwat yn fan sinnegoud
Mei dauwe en damp trochweve,
It hat de fûgels dagen al
Oer fear en wjukken sweve.

't Kin moarns ek yn 't Sint Elmusfjûr
Op dûnke modder blinke,
It kin yn de earste speuten al
Oer 't hoare melklân klinke.

It is yn 't kommen fan de dei,
Yn 't ljochtsjen fan de dage,
It glinstret oer de stille wei
En 't glimket yn de hage.

't Leit op 'e kleur fan 't stoppellân
Bigroeid mei griene klaver,
En by de hikke op 't rêstich stal
Fan de oars sa gleone draver.

Itselde is om 'e jrapelbult
Mei reid en modder dutsen,
En 't hat it reidleaf yn 'e sleat
Sels mei syn tsjoen bisprutsen.

It hinget yn 'e hege loft,
Dêr't skiere wolkems geane,
't Is yn 'e beammen fan it hôf,
Dy't sleau to dodzjen steane.

't Is in gefoel, in klank, in ljocht,
Wol swak, mar net to dwesten;
It jowt him moarns yn 't Easten op
En reizget mei nei 't Westen.

't Is yn 'e sfear fan 't âlde honk
Dêr't wy ús deljaen kinne,
It swevet as op inglewjuk
Sêft treastgjend om ús hinne.

It lit him as in wûnder wurd
Fan rêst by risping lêze; —
Dat toverwurd, dat tsjoenderswurk,
't Sil fan de hjerst wol wêze.

Jagersman

Oer it lân mei lange stappen
Giet de jagersman
Mei syn pols, gewear en weitas,
Mei syn sjittersplan.
En syn houn mei skeane sprongen
Rint en siket mei
Oft miskien yn fuorge of grippel
Ek in haske lei.

Dou, dy't hjir by 't simmer boartest
As in fûgel frij,
Dy't de goudne moarntyd foar wiest,
Langeard, bergje dy!
Al dyn fjilden binne bleatlein,
Oer is 't mei dyn ryk!
Meitsje dy, foar elk ûnsjenber
Oan de groun allyk.

Hoedzje dy: dêr is dyn fijân!
Mar it is to let!
't Each naem op en 't skot is fallen
En dat miste net;
Noch in lêste wylde loftsprong
En dou hast der west;
En de jager glimket ynlik,
Mar hy bliuwt bidest.

As in helt dy't wis oerwoun hat
Nimt er Langeard op:
„Aerdich bistje, dou bist binnen,”
Tikket 'r op syn kop.
Steatlik stekt dan Nimrod fierder;
Mei in great bigear
Sjucht er út nei nije risping,
Longert er nei mear;

Hwant de hazzede
Is it jagersbrea.

Fjild by 't hjerst

Lêste neiglâns fan 'e simmer
Rêst yn stiltme oer fjild en gea;
Hjerst bringt brune en waerme tinten
Ear't er stjert yn kjeld en dea.
Tusken damp en dauwegalen
Skynt de sinne yn reade pracht,
En de moanne fol en suver
Bringt noch blidens yn 'e nacht.

Oer 'e bou op stoppellannen
Eft'r 'e ploege giet de man;
Foar him, sterk yn sile en stringen
Stapt it drege hynstespan,
Gloede en glâns leit op har rêgen,
Op har skoften, breed en dreech;
En de damp fan 't swiere switten
Walmet fan har lea omheech.

Keppels kobben, wyndrich kriezjend
Gean de ploeger efternei,
Hippelje yn 'e farske fuorgen
Fol fan fûgelwille mei,
Binne dêr op wjirm en krobben,
Risping fan de kluten út;
En hja fine fiks har gronde:
't Iepne lân is ryk oan búten.

't Blije grien fan sûkerbiten
Hâldt noch efkes lette fleur,
Mids de dea fan skiere lânnen
't Lêste stikje libbenskleur.
Hjir en dêr, mei lange stappen
Giet in jager de ikkers nei,
Oft er noch in Languar Lampe
Tûk it ljocht útblize mei.

Fierderop yn finne en mieden,
Yn 't forsûtre greidegrien
Rinne, dutsen mei har dekken,
Keppels kij mei 't lânskip ien.
Mids de stiltme kouwebalten,
't Klinkt sa freonlik yn in koar;
't Binne rjucht bitroude lûden
Oer ús fjilden til en hoar.

Lêste glimmer fan 'e simmer
Wurdt oan skiere kimen wei,
En de lannen lizze rêstich
By it koarten fan 'e dei.
Hjerst bringt frede oer fjild en fruchten,
Bringt syn lok en lean op 't wurk;
En ús tanktoan, froed en dimmen
Sticht yn blidens op nei 't swurk.

Tafriel

In apelbeam, in ljerre, in boer,
In ammerke, in platte koer,
In frucht omheech dy't ripet,
In sinne dy't nei 't simmerljocht
Syn gloedejaende taek folbrocht
En nou noch hjerstich kipet.

In boer dy't by de ljerre opgiet
Dy't by de folste fruchtbeam stiet,
In man mei blide sinnen,
Dy't mei de swier fan ploaitersnocht
Syn apels yn syn amer docht:
Sa komt syn bût wol binnen.

In gnap gesicht, in fammensbern,
In helder each, in glunder sjen,
Hwat glimkjends om in hoekje;
In stôk, dy't slacht, sa wolbiret:
Foel dêr in skoander soadtsje net
Kreas fan in uterst tûkje?

In toskje krekt sa geef as kryt
Dat yn in lokjende apel byt,
En dat gjin klokhús hindret,
Dat om gjin skilen maelt noch mealt;
In fanke dat it tal net telt,
Al is 't dat dat ek mindret.

In man dy't wiis nei ûndren komt
En stûf oer stoutichheden bromt,
Mar dochs ek woltomoed is,
Dy't wit, al prottelt hy as heit,
Hwat fammensbern om 't herte leit
En dat syn risping goed is.

In frou, in setsje al op 'e wacht
Dy't breed de hannen yn 'noar slacht
Omdat in hôf sa skoan is:
„Dy moatte yn 'e huodde, man!
Dêr komt fan 't winter wille fan
Lyk de echte boer 't gewoan is.”

In heit, in mem, in húsgein
Dat fan de frucht genietsje kin
Wylst herte en sinnen tille;
In lok, in laits, in húslikheit,
In wrâld dy't iepen foar har leit:
Lyts feest mei greate wille.

Lofbaerne

Nou efkes oan 'e smoute kant
Mei 't branark yn 'e hân,
In lúsjefters; in topke strie:
It lof komt yn 'e brân.

Sjusa, in flamke komt der út,
De reek giet oer it lân;
De man hat altyd mei sok fjûr
Sa'n boarterswille hawn.

Hy skoddet mei de lofbult om,
En stiet der nei to sjen,
En stoarret yn dat flamtafriel
As wie er noch in bern.

Mar kom, net peinzje en dreame nou:
It wurk ropt altyd wer;
Mear bulten moatte 'er yn 'e brân,
Strak lôgje se allegear.

Hy rint mei 'n foarkfol baernend lof
't Lân op fan bult nei bult;
Hwat lûke 'er griene gjalpen reek
't Lân oer nei 't fiere fjild.

Hwat jowe in reade flammen kleur
Oan it wyndrjen fan de reek,
As wie it hjir in heksedouns
En it fjûr in toverstreek.

De jonges komme 'er al op ôf,
Sa'n brantsje loek har sa;
Hja kinne yn 't rinnen troch de reek
In swiden wille ha.

Nou sykje hja de ikkers ôf;
Dêr leit noch frucht fan 't lân:
Hja fandlje in hânfol jrappels op,
Dy saeije se yn 'e brân.

Is aenst' it lof de loft yngien
Dan komt de neipret oan:
Sa'n jrappel, bret yn 't lofbultfjûr,
Hwat smakket dy dochs skoan.

Sa baernde de Germaen alear
Syn goadefreugdefjûr,
En dounse dêr dan sjongend by
Yn de iepene Natûr;
Sa hâldt it fjûr syn wûndre glâns
De tiid fan de ieuwen oer:
En peinzjend by syn brantsje stiet
Wer as in bern de boer.

Kij by 't hjerst yn 't lân

Hja steane rounrêgich en triljend
De koppen foardel lyk as 't moed,
En tinke oan 'e hearlike simmer
Mei gerzen sa geil en sa goed.

Har dekken binn' dûnker fan wiette,
Har sinnen binn' wearzich fan 't waer;
Hja húvrje de melkers tomjitte,
En slop is har bongeljend jaer.

En wylst speije jeijende loft
Har oerfloed fan rein yn it roun;
En skynt soms in wettrige sinne,
Hy skynt op in snústrige groun.

Dochs moatte de bisten wer ite,
Hja geane dus 't lân mar wer yn,
Hâlde efkes de koppen oerside
En weidzje dan leafst foar 'e wyn.

Hoe wiet is de dridzige greide;
Al ite hja djip fan 'e groun,
En wol mei in fiiftal fan bekken —
Hja hawwe it gerak noch net foun.

Dochs húvret de boer foar de stâltyd:
Gjin iten genôch, is er bang;
De kij hawwe hiel greate bekken,
De winters binn' danige lang.

Utdolle

De ploeger hat syn plichten dien,
Is mei syn span nei hûs ta gien,
Nou komt de útdolder efternei
En reart de lêste ûnsljuchtens wei.

Is hjir in hichte en dêr in gat,
't Moat allegearre sljucht en plat,
In teekner lyk, sa leit ek hy
De lêste hân oan 't skilderij.

De ploege is by de ikkersein
In reis twa trije 't lan omtien,
Nou moat ek wer de lêste klút
Op de einen ta de fuorgen út.

Sjesa, fan rûgens tael noch spoar;
Nou leit it lân der helder foar,
En 't seit syn goede ploegerstael;
Nou 's 't yn 'e rêst en 't leit igael.

Lit strak de rein mar komme: goed.
Dit lân leit net foar eb en floed;
't Gyng alles eptich fan 'e hân,
Gjin wetter docht hjir skea oan 't lân.

Bultbislaen

De loft is skier,
It wurk is swier,
De groun mar min to rissen;
De man smyt dreech
Syn ierde omheech,
En sûnder 't doel to missen.

In frucht as goud
Us tabitroud,
Men mei se net forlieze;
Hwant winterwaer
Bringt froastgefaer:
Hja kin sa licht bifrieze.

Sa komme yn 't roun
Op Fryslân's groun
De heappen d'r yn to sitten;
En dy't it docht
Krijt skjîn syn nocht
Fan al dy loddespitten.

Sà, mei in set
Is 't wurk biret;
Lit aenst' de winter beare —
It winterpak
Jowt ûnderdak,
Nou kin 't in stjit forneare.

Wie 't wurk ek swier
De frucht fan 't jier
Is foar de froast biwarre;
Strak sil de boer
Foar 't wis bistjûr
Syn goede sinten barre.

Kij op stâl

Nou steane se wer yn it bûthús
Sa warem en smûk op 'e stâl,
De bisten dy't nou net mear klûmrje
Yn 't lân op 'e kânt fan 'e wâl.

De keatlingen krieze gesellich,
De sturtlinen slaen hinne en wer;
Dit binn' de biwende lûden
Fan jierren en tiden her.

De geur fan 'e kij en har wazem,
Fan hea en fan kûle en fan foer,
Toraend ta de weelde fan swietrook
Is suver de lucht foar de boer.

En lizze hja middeis to kôgjen,
Dan azemet alles syn fré,
Dan lizze op 'e rige de rêgen
Fan 't glânzgjende swartbûnte fé.

De boer sjucht by heafek en golle,
Of sit op de bûthúsbank,
En as er syn skatten biskôget
Dan tilt him it herte fan tank.

Al lizze de lannen forlitten,
Al klaget de wyn om it hús,
En klettert de rein op 'e ruten,
Hjir binnen is nocht by de rûs.

O bûthús fol fleurige bisten,
Dou lytse, mar libbene wrâld,
Hoe hat hjir de helte fan 't libben
De wolstân fan Fryslân syn hâld.

Moarns yn 't bûthús

Wer hastich de biezum, it gyng der oan wei,
It liket hjir heal op forsmoargjen;
Kom, himmlje mar raek; is de boer der net by,
Dan binne syn bisten oan 't bargjen.

It strie dêr't in beest oars sa hearlik op leit
Dat mei er sa graech ris forskoppe;
Hwat net op 'e stâl heart, dat plakt hy der op,
Mar 't struisel komt grif yn 'e groppe.

In boer en syn biezum en 't bûthús binne ien,
Hy heart by syn malle-kontinten,
Hy wiist har to plak, hwant hie 't folkje mar bod
Dan wiene syn bisten gau Drinthen.

Der binne mei 'n nuvere print yn 'e flank;
Is aenstouns de saek hwat bidroege,
Dan komme de roskam en boarstel der oer,
Ta súvring fan al dat ûnfoege.

Sjesa, 't is bired, set de biezum mar del,
En bring harren 't hea en de biten;
Hwat hawwe se in skroei, 't is in lust om to sjen
Hoe't bisten hjir witte fan iten.

Mylpeal

Alde, goede, hege namme,
Alderheljendei,
Efkes bringst' ús út it stramme
Fan de dagen wei;
Nou't de kâlde winen waeije
Bringst' ús wer yn 't sin
Hoe't dyn tsjinhang, hoe't de Maeije
Us formeitsje kin.

Namme dy't sûnt ieu en tiden
Yn ús Fryslân klont,
Dy't nei wurk en hjerstich striden
Nei de winter wonk.
As in mylpeal meist' ús wêze
Yn ús drok bisten,
Dêr't we in rêstich wurd op lêze
Ear't wy fierder gean.

„Tel dyn dagen, tel de gaven
Dy't de simmer droech,
Dyn bihâld fan hûs en have
Lyk de hjerst dy 't joech;
Tel 't gemaek fan fé en fruchten,
Al it heil fan 't fjild,
En forstean fan 't minskdom 't suchtsjen
As 't syn earmoed jildt.”

Sa, by ús yn 't bûthús bankjen
Is 't ús rom en goed;
„Alderheljen, dat is tankjen,”
Seit ús bliid gemoed.
Wy wolle op Gods woldwaen merke,
Ryk, by ljocht en skaed,
En de Tankdei yn 'e Tsjerke.
Wiist ús 't selde paed.

Bliuw dou, goede hege namme
Yn ús Fryske lân
Mei de segen fan dyn amme
Tiden troch yn stân;
Jow dat ek yn winterdagen
Noch it ljocht forriist,
Dat ús by ús lêsten dragen
Trou nei Boppen wiist.

Alderheljen

Alderheljen:
Hokling heljen,
't Lêste fé komt yn 'e hûs;
Binnen muorren
En yn skuorren
Klinkt wer libben en gerûs.

Alderheljen:
Hierbiteljen,
't Is 't foldwaen oan rjucht en plicht,
Hwant in lykman
Is in rykman,
Mar dat falt faek fier fan licht.

Dêr is garre
En bisparre,
Sinten binne keard en teard;
Oerliz, skreppen,
Lea goed reppen
Hawwe ús de âlders dêrta leard.

Dagen koartsje;
Mar in hoartsje
Is de sinne in bytsje mâns;
Dampen, swiere,
Wolkems, skiere
Sliere ús igge en ierde lâns.

Yn 'e skimer
Stil gemimer
Oan 'e golle simmertiid;
Foar ús eagen
Al de pleagen
Fan de hjerst- en winterstriid.

Keale tûken,
Beam en strûken
Meldzje ús fan de lette hjerst;
Dei en nachten
Kjeld en klachten:
Pronk en siersel hat der west.

Mar is 't suver
Faek in huver
By de swang fan waer en wyn —
Dizze stounen
Mei har lange en smûke jounen
Hawwe ek rêst en moaijens yn.

Need en noed

De winen rûzje
Mei wyld gebear
En stûfe stjitten
Om hûs en hear.

De wolkems jachtsje
By wetterglâns
Fan feale moanne
De loft en lân.

De beammen skodzje
Oant yn 'e groun;
De blêdden draeije
It hiem yn 't roun.

De boer wurdt wekker,
Fornimt gedrûs:
O né, it doocht net
Dêr efterhûs.

Dêr wit er 't wurk wol
Fan westerwyn:
It tek opstopple,
In gat der yn.

O helje in ljerre!
Nei boppen, gaul
Bidek dy iepning
Mei 'n eide en tou.

De wolkems jeije
Yn tommeljacht,
Wylst him in heilbuoi
Om de earen slacht.

It gat bidutsen;
Hwat lok, dat 's klear!
Dochs komt fannacht fan
Gjin sliepen mear.

Sa beare en liede
Mei gjalpen wyn
Novimberstoarmen
De winter yn.

Hwat beammeguod

Om hûs en hear hwat beammeguod,
It stiet sa kreas en moai,
It bringt in tins fan smûkens mei
En 't jowt de pleats syn toai.

It fûgelt hat syn nêst dêryn,
De winen geane d'r oer;
Eat fan in eigen stimpel jowt
Sa'n mantel foar de boer.

Hwa winsket nou allinne in hûs
Sa sûnder sier der by?
In âlde klinte mei in beam
Is al in skilderij.

De boer is praktysk: al it moai
Is ek ta syn geriif:
Hjir bout er peallen ta syn lân
En kneppels foar syn wiif.

As 't nei de wite winter lûkt,
Dan komt de ljerre 'er by,
Dan komme 'er mânske tûken út,
Dan kapt en seaget hy.

Om hûs en hear hwat beammeguod,
 It stiet sa blier en fol;
 't Jowt eigenheit en feilichheit,
 Sa ryk en grien en gol,
 Dy't oer de pleats in blierens leit
 Dy't nea men misse wol.

Dochters

De klean út 'e kast, prâchtich toaid nei de swier,
 It giet om hwat aerdich to toanen,
 De gong der nou yn, mei de krol yn it hier;
 Hwa tinkt nou om melken en boarnen?

Nei Ljouwert, de Haedstêd, op Sinterklaesfreed:
 In minske mei ek wolris pronkje;
 Hy bringt it de wrâld ris in kear oan 'e weet
 Hoe't herten fan boerebern fonkje.

Dêr moetsje de dochters fan boeren elkoar,
 Ut Wâlden en Wetterlân kommen;
 Dêr hawwe se al hastich it ien en it oar
 Oer feinten en fammen fornommen.

Dêr wurdt hwat bipraet en bilake sa'n dei;
 Men kin hjir de wille sa lêze;
 Hja sjugge de feinten sa glûpsk efternei:
 Dat sil ek sa'n wûnder net wêze.

Jouns giet elk syn swé, en hwat wurdt it in pré;
 Jouns komme hja thús mei in feintsje.
 Hja doarsten de stumper net wegerje, né;
 Dus brocht er har hearlik in eintsje.

Strak sitte hja thús, lange tiden faeks wol,
 Yn 't hûs mids forlittene lannen;
 Mar 't hert hat it woun, en har holle sit fol
 Fan jeuchlike en laitsjende plannen.

Winteregalens

Nou is alles yn 'e rêst,
't Lêste hokling sit al fêst;
Yn it bûthús pielt men mei
't Alde wurk fan al den dei;
Winen, buoijen, rein en sinne
Reizgje om slettne doarren hinne.

Heajaen, melke, mjuksje en dwaen,
Bisten kûle en biten jaen,
Rosse en himlje, net to min,
Sturten waskje, kreas en skjinn,
Spinreachhimlje, bûthúsfeije
En — oer koarte dagen kleije;

Middeis rêstich, fol fan tank,
Mimerje op 'e bûthûsbank,
Tinke oan âlde en nije tiid,
Mei har eigen wille en striid,
Om sa tusken sliep en weitsjen
Efkes rekken op to meitsjen;

Sa is 't libben, — mar de dei
Bringt ek wol syn spanning mei:
Hat men oer it foer jins moed?
Komt it mei it heafek goed?
Kin 't hwat mei de biten lije
Foar en nei de kealderije?

Hoe giet ta syn wol of wé
't Aenstouns mei de priis fan 't fé?
Bliuwt op 'e ein der foar de boer
In forskimle skelling oer?
Kin men de einen bynoar krije
Sûnder dat de bern 't bilije?

Ién ding stiet foar him wol fêst
By syn wurk as boer past rêst;
Frede en kalmte oan alle kant
Bliuwt it libben nei syn trant;
Hy sil 't as syn ropping lêze;
En syn wurk sil rêstich wêze.

Skimerjounje

De sinne hat ier ús forlitten,
Hwant koart is de winterske dei;
Nou bringt oan de Súdlike himel
De moanne syn ljocht foar ús mei;
Syn rêst bringt ús tûzenen tinzen
Oan foarige, kostlike tiid;
En de âldtsjes togearre, hja fiele
Har jong wer en krêftich en bliid.

De tûken omheech oan 'e beammen
Hja tyspelje krekt mei har skaed,
En dêr skynt de moanne trochhinne
En fynt nei it finster syn paed.
„O sjuchris”, seit beppe, „hwat laket
Dat moantsje ús wûnderlik oan;
Wy bliuwe mar stil sa hwat sitten:
It is yn 'e skimer sa skoan.”

Har tins is oan foarige tiden,
Oan jeugd en oan blommen en fleur,
Oan berntsjes, dy't jubeljend brochten
Oan 't wensté syn klank en syn kleur;
Hja hearre al wer fan dy rakkerts
Aloanwei har twingend gerop:
„Och toe mem, it wurdt al sa tsjuster,
Och toe, komt de lampe hast op?”

Nou twinge de berntsjes net langer,
Hwant hja, nou sa great, binne gien;
En beppe, bilûkt dêr de moanne,
Of fielt se yn har each faeks in trien?
Né wier net, net skrieme, mar tankje,
En bliid nei de himel ta sjen;
Hwa tinkt op sa'n joun net om Krysttyd,
It feest fan it hillige Bern?

Sjuch, mear as de jountyd is Krysttyd,
En mear as de moanne is in stjer
Dy't skynde oer Bethlehem's fjilden,
Dy't treastget ús altiten wer.
Sa witte hja lang noch to peinzjen,
En heech stiet de moanne sa blier,
En blinkt mei har sulveren strielen
Us âldtsjes oer 't sulveren hier.

Teken

De loft is skier, de groun is griis
En fealens leit oer 't gea,
De greide is goar, de bou is fiis,
In byld fan skrik en dea.
De froast regearre lang en strang,
De kjeld gyng oer ús lân,
It libben loek him skrousk tobek,
Stiif yn in twange bân.

En dochs — de dagen lingje almear,
De sinne giet syn paed
Wer dei by dagen heger op
En tsjoent mei ljocht en skaed.
En dochs — de Maitydsmoanne komt
En jowt ús nije moed;
En hearde ik oer de lannen net
In blide foarjiersgroet?

O wis, ik hearde hjoed in liet
Fol himelske muzyk;
It herte tilde 'er fan omheech
Sa hearlik en sa ryk:
It wie de greate jubel fan
Sa'n skiere lytse ljurk
En 't noege: „o minske, bûtendoar!
Dêr fynstû plak en wurk.”

Dat wurd hat wis in teken yn
En 't bringt de wille mei,
't Jowt blidens oan de sinneskyn
En kleuren oan de dei.
In nije jiertiid sjugge wy
Fol groede en fleur en tier,
Fan wurk en lean, fan frucht en sied:
De skatten fan it jier.

It libben spraet syn wjukken út
Oer 't waermte wachtsjend lân;
En ta de fruchtbrens fan de klút
Helpt dreech de minskehân.
Sa is ús each en herte bliid
Omdat oer 't wide fjild
It wer fan wille tilt,
En 't ljurkje ús nei de himel winkt
Hoenear syn liet wjerklinkt.

